provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25

www.fryslan.nl
provincie@fryslan.nl
www.twitter.com/provfryslan

Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
Postbus 20011
2500 EA 'S-GRAVENHAGE

Ljouwert, 12 maart 2025
Ferstjoerd, 12 MAART 2025

Ús merkteken	02349200
Domein/ Team	Stêfôfdieling Bestjoerssaken
Opsteld troch	[redacted]
Jo merkteken	
Taheakke(n)	

Ûnderwerp Lit de Fryske gemeenten net yn it ravyn falle

Achte minister Uitermark,

Al jierren stiet de finansjele posysje fan de gemeenten yn Nederlân bot ûnder druk. De Fryske gemeenten foarmje dêrop spitigernôch gjin útsûndering. It begruttingsjier 2026 leit al in pear jier as driigjend ravyn foar ús. Mei as gefolch dat gemeenten ôfhâldend binne yn it nimmen fan besluten, lykas ynvestearrings, mei in mearjierrich finansjeel effekt. Mar no't it 'ravynjier' werklik foarleit, binne gemeenterieden twongen om pynlike besluten te nimmen om de begrutting slutend te meitsjen.

Oarsaken fan de tekoarten
Foar de tekoarten binne twa wichtige oarsaken te beneamen. Yn it foarste plak feroarsaket de wizige finansieringssystematyk fan it Ryk by gemeenten in fikse ferleging fan de algemiene útkearing fan 2026 ôf. It saneamde 'ravynjier' soarget derfoar dat alle Fryske gemeenten miljoenen euro's minder fan it Ryk ûntfange.

Dêrneist sjogge wy dat fierhinne alle gemeenten te krijen hawwe mei omheech rinnende tekoarten yn de jeugdsoarch. De ôfrûne jierren hawwe gemeenten miljoenen ekstra rûze om de tekoarten yn de jeugdsoarch ôf te dekken. De dochs al tige ûnwisse finansjele posysje is dêrtroch noch minder wurden. Yntusken is by de Fryske gemeenten it finansjele fet fan de bonken.

Gefolgen dy't de ynwenners daliks reitsje
Ut de gemeentlike begruttings 2025 komt tige dúdlik nei foaren dat it finen fan in mearjierrich struktureel begruttingslykwicht fan 2026 ôf de gemeenten foar in hast ûnmooglike opdracht stelt. It gros fan de gemeenten is al begûn mei besunigings. Oare gemeenten riede harren ta om yn it foarjier fan 2025 mei maatregels te kommen. Dy besunigings binne gjin leechhingjend fruit mear, mar pynlike besunigings dy't de ynwenners streekrjocht reitsje. Dêrby giet it om it ferheegjen fan lokale belestings en it skrieler wurden fan de lokale foarsjennings, lykas doarpshuzen, sportakkommodaasjes, museums en it ûnderhâld fan de diken. Dêr't it kabinet sels altyd besiket om by de opstellen fan de begrutting de keapkrêft fan har ynwenners net sakje te litten, wurdt op dizze wize de rekken fia de gemeenten dochs noch by de ynwenners dellein.

Nederlân stiet foar in tal grutte maatskiplike opjeften, lykas wenjen en berikberheid, soarch, besteanswissichheid en natuer en klimaat. De ûnderskate oerheden spylje allegearre in wichtige rol yn it realisearjen fan dy maatskiplike opjeften. Allinne út it tinken fan ien-oerheid wei en mienskiplike ferantwurdlikheid kinne dy wichtige ynterbestjoerlike opjeften realisearre wurde. Mar foar dizze dielde ferantwurdlik is wol in gelikens spylfjild nedich. In effektive gearwurking tusken gemeenten en it Ryk kin allinnich ta stân komme op basis fan in earlike ferdieling fan ferantwurdlikheden en finansjele middels dy't dêrby hearre.

Needsaak ta mear strukturele finansjele middels
Oant no ta binne de gemeenten allinne mar temjitte kommen mei ynsidintele middels en boekhâldkundige oplossings. Fansels foarmje dy tydlike maatregels in ferromming op de finansjele posysje, mar it ynsidintele karakter fan dy maatregels foarmet gjin strukturele oplossing. Dêrtroch bliuwt it probleem bestean en ûntstiet der net in reëel byld fan de feitlike finansjele situaasje fan de gemeenten. Yn it Oerhede-oerlis is nei foaren kaam dat de ûnbalâns tusken taken en middels ek troch it kabinet erkend wurdt.

Ek út it resint ferskynde advys fan de saakkundigekommisje Hervormingsagenda Jeugd docht bliken dat gemeenten struktureel te min middels foar dy desintralisearre taak krije. De kommisje konkludearret dat de finansjele kramp ferdwine moat om ynhâldlike ferbetterings trochfiere te kinnen. It Ryk sil de gemeenten dêr dan ek struktureel finansjeel yn temjitte komme moatte.

Yn line mei eardere oproppen, ek yn 'e mande mei it IPO, roppe wy troch dizze brief op 'e nij op om de gemeenten echt te helpen mei ekstra strukturele middels en dy yntiids, nammentlik yn de maaiesirkulêre 2025, te ferwurkjen. Sadat gemeenten in takomstbestindige begrutting 2026 opstelle kinne en foarkommen wurdt dat gemeenten yn it ravyn falle.

Ús merkteken: 02349200

Ta beslút wolle wy noch de klam derop lizze dat wy de Fryske en noardlike gemeenten stypje yn harren mienskiplike lobby oangeande de steapele effekten fan ryksbelied op de gemeentlike finânsjes, benammen ek yn relaasje ta de ûnderwilens trochsette werhifking op it gemeentefûns. Dit brief wurdt dan ek stipe troch de Feriening fan Fryske gemeenten.

Deputearre S eaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris

Ús merkteken: 02349200

provinsje fryslân